

Collegereeks 'Leauwe yn Fryslân'

Vanuit de 'Stifting Krúspunt - Frysk Oekumenysk Platfoarm' is de afgelopen jaren ervaring opgedaan met een cursus voor theologen over geloven en theologie in de Friese context. In samenwerking met de Franeker Academie wordt nu een lezingenserie met dezelfde thematiek aangeboden voor een breed publiek van geïnteresseerden.

Wat heeft het christelijk geloof betekend voor Fryslân, en andersom? Wat is de interactie tussen taal, landschap en geschiedenis enerzijds en kerk, geloof en spiritualiteit anderzijds?

Na twee inleidende colleges worden deze vragen vanuit vier verschillende invalshoeken behandeld: historisch, taalkundig, bijbels en praktisch.

Elk college bestaat uit een hoorcollege van 20.00 tot 20.45 uur; na een korte pauze is er ruimte voor vragen en discussie.

De lezingen worden in het Fries gehouden. Vragen en discussie kunnen in meerdere talen plaatsvinden. Enige kennis met betrekking tot kerk en christendom strekt tot aanbeveling.

1. Taal van het hart

20 januari 2020, dr. A.M.J. Riemersma

De taal in de religie raakt aan wat mensen wezenlijk ter harte gaat. Met een citaat van Titus Brandsma:

'Men kin jin safolle better uterje en útsprekke yn de taal fan it hert.'

Toch kent de relatie tussen het kerkelijk leven en de Friese taal vanaf de Reformatie een weerbarstige geschiedenis. Hoe kreeg en krijgt het denken over de taal van de religie vorm in de Friese context? Wat is er allemaal gedaan aan het opbouwen van een eigen infrastructuur op dat gebied, bijv. in de vorm van bijbelvertalingen en liedboeken?

Dr. A.M.J. Riemersma is emeritus lector Frysk en Meartaligens aan de NHL Stenden Hogeschool te Leeuwarden.

2. Het verhaal van het christendom in Fryslân

3 februari 2020, dr. L.H. Westra

Hoe ziet de Friese kerkgeschiedenis er eigenlijk uit? Waar komen al die kerken en bewegingen vandaan? Dit college neemt u in vogelvlucht mee naar meer dan 1000 jaar kerken en kloosters, afsplitsingen en vernieuwingsbewegingen, oude en nieuwe spiritualiteit. Steeds blijkt, dat Fryslân enerzijds volop deelneemt aan de grote internationale bewegingen, en anderzijds daarin vaak een eigen weg gaat.

Dr. L.H. Westra was postdoc-onderzoeker op het gebied van het vroege christendom en universitair docent Nieuwe Testament in Groningen; op dit moment is hij gastonderzoeker bij Tresoar en Fryske Akademy.

3. Bonifatius in Fryslân

17 februari, drs. H.T. Wagenaar

Vroeger leerden alle kinderen in Nederland: 754 – Bonifatius bij Dokkum vermoord. In deze tijd spreekt de clash tussen heidendom en christendom opnieuw tot de verbeelding, getuige de film Redbad van Klaas de Jong. Wat was er precies aan de hand? Is Bonifatius echt vermoord? Wat waren zijn drijfveren om op hoge leeftijd nog naar het noorden van Fryslân te komen? En wat heeft zijn komst voor Fryslân en de rest van de noordelijke Nederlanden betekend?

Drs. H.T. Wagenaar was universitair docent Missiologie in Groningen en docent Systematische en Afrikaanse Theologie aan het Presbyterian Theological Seminary te Kumba in Kameroen; nu is hij predikant-pionier van de Prot. Gem. Westerwert en de pioniersplek Nijkleaster te Jorwert.

4. 'It bêste lân fan d' ierde'

2 maart, dr. L.H. Westra

Vaak zien we het landschap als een gegeven van de natuur, en taal als een code die mensen tamelijk willekeurig gebruiken. Toch lijkt het erop, dat er samenhang tussen die twee bestaat. Taal maakt niet alleen uit hoe je iets beschrijft, maar ook hoe je het beleeft. En het landschap vormt niet alleen je uiterlijke, maar ook je innerlijke horizon. Dat heeft belangrijke gevolgen voor de taal van het geloof. Wat betekent schepping precies in Fryslân?

5. Babel en Pinksteren

16 maart, drs. H.T. Wagenaar

Als het in de communicatie helemaal fout gaat, noemen we dat een 'Babylonische spraakverwarring'. Pinksteren geldt in de kerk juist als het begin van de eenheid van alle mensen. Maar wat staat er precies in die bijbelverhalen? Was 'Babel' echt een straf? En heft Pinksteren alle verscheidenheid inderdaad op?

6. Sporen van God: dagelijks leven en geleefde identiteit

30 maart, drs. T. Hibma

Steeds meer zien theologen het belang van de eigen identiteit en de eigen omgeving voor geloof en spiritualiteit. Maar hoe doe je dat? In dit laatste college gaat het over de inbreng van binnen en van buiten op het begrip 'identiteit'. Illustratief hiervoor zijn twee vrouwen: de bekende Anna Maria van Schurman, die in Franeker heeft gewoond, en de veel minder bekende Wobbelke Piersdochter.

Drs. T. Hibma is docent en coördinator van de opleiding Geestelijke Begeleiding van PThU/Titus Brandsma Instituut te Nijmegen.

Inschrijving

De zes colleges vormen één samenhangend geheel. Inschrijven kan via info@academiefreker.nl en de kosten voor de hele cursus zijn €150,-

--

Kursus 'Leauwe yn Fryslân' no ek foar in breed publyk

De ôfrûne jierren hat de Stifting Krúspunt, yn 'e mande mei Nijkleaster, in kursus oanbean foar foargongers en pastores: Leauwe yn Fryslân. Dy kursus rint no foar it fjirde jier. It oerkoepeljende ûnderwerp is, wat it kristlik leauwe foar Fryslân betsjut hat en noch altiten betsjut, en oarsom. Wat is it eigene fan leauwe en téology yn 'e Fryske sitewaasje? Oan 'e iene kant hawwe jo leauwe, tsjerke en Bibel. Oan 'e oare kant binne dêr taal, lânskip en skiednis. Hoe wurkje dy opinoar yn? Dy wurdt op ferskate menieren útwurke yn de kursus 'Leauwe yn Fryslân'.

Dy kursus wurdt no ek oanbean oan in breed publyk. Dat dogge wy yn oparbeidzjen mei de nije Stichting Academie van Franeker, dy't dwaande is om it akademysk ferline fan 'e stêd Frjentsjer wer nij libben yn te blazen.

Hjirûnder steane de kolleezjes dy't yn in rige fan seis holden wurden fan 20 jannewaris oant en mei 30 maart troch Alex Riemersma, Tytsje Hibma, Hinne Wagenaar en Liuwe Westra. De kolleezjes wurde holden yn 'e Botniastins te Frjentsjer fan 20.00 oant 20.45 oere; dêrnei is der in koart skoft en gelegenheid foar fragen en petear. De kolleezjes binne hieltyd op in moandeitejûn.

1. Taal fan it hert

20 jannewaris 2020, dr. A.M.J. Riemersma

De taal fan 'e godstsjinst rekket wat minsken wêzentlik oangiet. Mei de wurden fan Titus Brandsma: 'Men kin jin safolle better uterje en útsprekke yn de taal fan it hert.' Lykwols is de ferhâlding tusken de Fryske taal en it tsjerklik libben sûnt de Reformaasje frijwat ûngemaklik. Hoe waard der en wurdt der yn Fryslân tocht oer de taal fan 'e godstsjinst? Wat is der allegear dien (en wat net) oan in eigen ynfrastuktuer op dat mêd, bygelyks troch it oersetten fan 'e Bibel en liturgysk materiaal?

Dr. A.M.J. Riemersma is lektor mjrkes Frysk en Meartaligens oan 'e NHL Stenden Hegeskoalle te Ljouwert.

2. It ferhaal fan it kristendom yn Fryslân

3 febrewaris 2020, dr. L.H. Westra

Hoe sjocht de Fryske tsjerkeskiednis der winliken út? Wêr komme al dy tsjerken en bewegings wei? Dit kolleezje nimt jo mei yn in fûgelflecht fan mear as 1000 jier tsjerken en kleasters, twaspjalt en ienriedigens, âlde en nije spiritualiteit. Hieltiten docht bliken, dat Fryslân oan 'e iene kant folslein meidocht yn 'e grutte ynternasjonale bewegings, en oan 'e oare kant dêryn faak syn eigen paad kiest.

Dr. L.H. Westra wie postdoc-ûndersiker op it mêd fan it iere kristendom en universitêr dosint Nije Testamint yn Grins; op dit stuit is er gastûndersiker by Tresoar en Fryske Akademy.

3. Bonifatius yn Fryslân

17 febrewaris, drs. H.T. Wagenaar

Earder learden alle bern yn Nederlân: 754 – Bonifatius by Dokkum fermoarde. Yn dizze tiid sprekt de botsing tusken heidendom en kristendom op 'en nij ta de ferbylding, sa't wol bliket docht út 'e film Redbad fan Klaas de Jong. Wat wie der doe eins krekt te rêden? Is Bonifatius wier fermoarde? Wat beweegde him om op hege jierren noch nei it noarden fan Fryslân ta? En wat hat syn kommen foar Fryslân en de rest fan 'e noardlike Nederlannen betsjuten?

Drs. H.T. Wagenaar wie universitêr dosint Missiology yn Grins en dosint Systematyske en Afrikaanske Téology oan it Presbyterian Theological Seminary te Kumba yn Kameroen; no is er predikant-pionier fan 'e Prot. Gem. Westerwert en it pioniersplak Nijkleaster te Jorwert.

4. 'It bêste lân fan d' ierde'

2 maart, dr. L.H. Westra

Faak sjogge wy it lânskip as in gegeven fan 'e natoer, en taal as in middel dat minsken inkeld brûke om te kommunisearjen. Dochs hat it der alle aan fan, dat dy twa meiinoar gearhingje. Taal makket net allinnich út, hoe't men de dingen beskriuwt, mar ek hoe't men dy belibbet. En it lânskip foarmet net allinnich in uterlike, mar ek in ynderlike hoarizon. Dat is fan grutte gefolgen foar de taal fan it leauwe. Wat betsjut 'skepping' presys yn Fryslân?

5. Babel en Pinkster

16 maart, drs. H.T. Wagenaar

As it yn 'e kommunikaasje hielendal misbeteart, neame wy dat in 'Babyloanyske betizing'. Pinkster jildt yn 'e tsjerke just as it begjin fan 'e ienheid fan alle minsken. Mar wat stiet der krekt yn dy bibelferhalen? Wie 'Babel' wier in straf? En makket Pinkster yndied in ein oan alle ferskaat?

6. Spoaren fan God: it deistich libben en de belibbe identiteit

30 maart, drs. T. Hibma

Hieltiten mear sjogge téologen it belang fan 'e eigen identiteit en de eigen omjouwing foar leuwe en spiritualiteit. Mar hoe docht men dat? Yn dit lêste kolleezje giet it oer de ynbring fan binnen en fan bûten op it begryp 'identiteit'. Twa froulju wurde dêrby nei foaren ta helle as foarbyld: de bekende Anna Maria van Schurman, dy't yn Frjentsjer wenne hat, en de folle minder bekende Wobbelke Piersdochter.

Drs. T. Hibma is dosint en koördinator fan 'e oplieding Geastlike Begelieding fan PThU/Titus Brandsma Instituut te Nijmegen.

Ynskriuwing

De seis kolleezjes binne ien gehiel. Ynskriuwen kin fia it mailadres info@academiefreaneker.nl. De hiele kursus kostet €150,-.